

In krystfeest yn 1902

Een krantenknipsel, met een verhaal van een oud-inwoonster van Gaastmeer. Het krantenknipsel komt uit de nalatenschap van Aukje Hoogterp–Lemstra. Het is niet bekend wanneer het verhaal geschreven is, wel door wie, nl. door Evertje de Jong. Evertje is geboren in Gaastmeer in 1895, als jongste dochter van Anne Ulbes de Jong en Lolkje Kramer. Anne Ulbes, ook geboren in Gaastmeer, was de schoenmaker van het dorp. Uit de verhalen van oud-Gaastmeerder Auke Visser weten we, dat het een prima schoenmaker was. Bij hem kon je ‘fine learzens’ kopen. Hij maakte ze nl. zelf, want in de fabriek werd het leer volgens hem verkeerd gesneden. Het moet in de lengte gesneden worden, anders krimpt het, zegt de vakman.

Ten tijde van het verhaal woonde het gezin De Jong in de Lytse Gaastmar, in het huis waar Bouwe Jan Zeilstra en Iris Sijperda nu wonen (het werd toen door twee families bewoond). Later woonden ze in een huis aan de Wyde Sleat (nu Coos en Truus de Bruin). Ook hier woonden twee families. En in het huis, rechts aan het einde van de wijk van Hielke Wildschut (nu Duinker), hebben ze ook gewoond.

Evertje is in 1923 getrouwd met Epke de Boer, ook geboren in Gaastmeer in 1895. Hij was een zoon van Jetze de Boer en Hotske Riegstra. Jetze de Boer lag met zijn sûtelskipke in Gaastmeer. Het gezin woonde op het schip en ook verkocht Jetze zijn waar vanaf dat zelfde bootje. Af en toe stak hij van wal om naar It Heidenskip te gaan om te sûteljen.

Het gezin van Evertje en Epke is geëmigreerd naar Amerika, we weten niet precies wanneer, maar op de site Delpher zijn advertenties, uit 1927 en 1932 te vinden, met de aankondiging van het 45 jr. en 50 jr. huwelijksfeest van Jetze en Hotske de Boer- Riegstra. Daaronder staan de namen van Epke en Evertje en de kinderen. Ze zijn dan al in Amerika, want het adres in Racine USA staat erbij. Waarschijnlijk heeft Evertje het verhaal in Amerika geschreven en is het voor het eerst verschenen in een uitgave van een Fryske Krite in hun omgeving.

Hieronder staat een oude foto van het huis in Lytse Gaastmar waar Evertje met haar broer en ouders woonde (het meest rechtse huis) en daarna volgt het verhaal zoals het destijds verschenen is, zonder wijzigingen of aanvullingen van onze kant en in het Fries.



In krystfeest yn 1902

Yn 'e hjerst, as de dagen wer koarter wurde , dan gean myn tinzen werom nei myn bernjieren, nei it doarpke der 't ik berne bin. De Lytse Haske waerd it meastentiids neamd: it doarpke wie yn twa helten ferdield, de Lytse Haske en it Oareein. Nea ha ik heard fan de "Grutte Haske " , it car-ein wie yn ús berne- eagen de stêd. Dêr wiene de tsjerken en skoallen en de strjitwei troch it doarp, de Lytse Haske wie wetter en mear wetter,

drek en mear drek. Dêr wennen wy, twa wenten ûnder ien dak mei in ôflegering, it hok, sa as wy dat neamden. Trije balken sa as hja as beamen groeid wiene, bisiden de keamer en as wy oars neat to dwaen hiene, dan hottefilen wy om de balken mei de measte oasten. Eltse sneon lei der in laech jiske fan it turfmitstoken en gie ús mem der efteroan om, steande op in stoel, dat der ôf te nimmen. Twa bern fan de seis wiene noch yn 'e hûs, meastentiids neamd "de jonge" en "it fanke".

En no wie it wer Krysttiid. De kluten hurd en boppedat ljochtmoanne, hwat komselden tagelyk barde mei Krysttiid, dat heit en mem bisleaten mei de beide bern nei it Krystfeest ta. Mat hat in útris ! It bigoun al ier yn de neimiddei. De ljedder ûnder it fal yn 'e keamer om op 'e souder te kommen, dêr't de sneinske klean wei komme moasten: heit syn duffelske jas, mem har swarte skoatrok en âlde mantel (in goede gift fan in neibesteande) it fanke in greate wite omslachdoek om, dy't nij west hie fan it âldste bern út de hûshâlding, mar no giel fan âlderdom, mei in kopspjelde op it skouder fêst en dêr in reade puntmûtse by op (wat in fertoaning), de jonge in âldmakkenij jaske en klots, beide skjûn skrobbe klompen oan, doe noch it leksum mei om o sa fatsoenlik to wêzen, tankje en asjebleaft sizze op tiid. Heit noch in klynspit yn 'e man- kachel dwaen, mem de swevelstokken op 'e hoeke fan de tafel klear sette, it hingslot op 'e doar en ús reis bigoun. It wie sawat it healûre rinnen nei it Oare- ein ta. Fan it hiem ôf krigen wy earst Heins syn skieppepôlle. De hikken stiene iepen, hwant de skiep wiene net mear bûtendoar, sa foar âlde Wybren syn hûske lâns (dy stiet noch by in lyts lampeljochtsje syn boeken by te hâlden), troch Arjen Oasinga syn jister, alles knap droech en skjûn nou 't it frear, noch in boerehiem en trije planken en pôllen en wy wiene yn Douwe Tammes syn fintsje. De moanne riisde al boppe Anne Sippes syn pleats, dan noch mar twa stikken lân en wy krigen de grintdyk ûnder de fuotten. Fan fierren seagen wy de ferljochte tsjerke al en doe oanstappe, de buorren troch =, by de grutte feart lâns en wy wiene der, moai wearn fan it lange ein rinnen. De tsjerke wie al heal fol en hwat in moaie grutte krystbeam, wûndermoai forsierd mei brannende kearsen, sulveren en gouden ballen, sinesapele en sulvertried, wy seagen ús de eagen út de holle. De mûtsen en dassen kamen ôf, de famkes hiene alegearre wite skelkdoeken foar, de âlden fan de bern kamen efteryn te sitten: hwat in droktme om elts to plak to setten. Mar njonkelytsen wie dat allegearre útstriden en koe dûmny mei in tapasik gebet it feest iepenje. Hwat foar wurden dar er brûkte wit ik net mear. Wy neamden dat sneinske wurden. De man wie in jiermannich earder út Hollân kommen en noch hwat grien op it plattelân en wy seagen mar niget oan de man sels as oan syn praten en preekjen. Dêrnei moasten wy earst in moai sneinsskoalleferske sjonge:

Verhef uw zegezangen

Gij blijde kinderschaar

Verheugt u in uw Heiland

Het kerstfeest is weer daar, ensfh

Nei dat lêste kamen de koster en syn dochter en Sybrens Feikje mei sûkelademolke en koekjes. Nei âldergewoante moast elts syn eigen kopke mei nimme. Sa meiinoar kaem de feestlike stimming der al aardich yn, dûmny frege hwat stiltme en Oene de koster krige it wurd, "Ja, lieve kinderen, ik ben nu al één en zeventig jaren en help nog graag mee om een mooi kerstfeest oan de kinderen te bisoargjen. (Earst noch hwat kuchelje). En kinderen, wat hangt er aan die boom?" "Sinaasappels, Oene!" (Hy stiek syn hân út) "Misgeraden berntjes, het zijn Oranje- appelen." Doe noch in forhaeltsje oer in ûndogenske jonge "die zijn zieke moeder soep moest brengen en onderweg er zelf uit dronk ". In forhaeltsje dat yn alle naesjes en talen forteld is. Ik tink dat alle bern bliid wiene dat it út wie. Dan noch mar mear sûkelademolke en koekjes en in taspraek fan dûmny oer " de arme heidenkinderen ", die van dit alles niets kregen" ensfh, ensfh. Doe folge it sjongen fan " Ere sy God " trije fersen. Dat heucht my noch sa goed, sa moai, sikerwier moai klonk it yn 'e tsjerke. Dominy syn lyts oargel út syn hûs wie der by, it like krekt sa'n âlderwetsk commoadtsje.

De bistsjinders kamen noch ris roun mei molke en koeke en dan kaem de prima don fan 'e joun: greate Freark, de tsjerkfâld oan it wurd. De man wie net bileard, mar talint hie der, dat moast elts him neijaen. Hy song it út: "Kinderen ik ga vertellen van een meisje, een vroom meisje dat heette Wietske! En die Wietske woonde in een huisje dat noemden ze een theebus !" En alle dugden en rampen en hwat der mear bard wie, waerd mei grutte lofsangen forteld. De bern hingen oan syn lippen, sa'n yndruk makke dy man. Men koe wol in spjelde falle hearre. Greate en lytse bern skraben har gewisse mei dat gefa fan Wietske. "En toen Wietske gestorven was, toen vond die moeder nog een briefje in de tafelslade. Daar had die Wietske

opgeschreven....” ensfh, ensfh. It waard letter op de joun en dominy slute mei in tapaslik wurd en gebet. Alle bern krigen in moai lêsbboek, in sinesapel en in pof mei nei hûs ta. De âlden fan de bern, dy’t der de hiele joun op in droegje by sieten, wien bliid dat it ôfroun wie, de mantels en jaskes, doeken en mûtskes kamen wer oan en de reis nei hûs ta bigoun. It wie aerdich kniperich en de moanne yn it delgean. Yn it fintsje bigounen de bern al: “ mem, mem . “ Hâld jim stil, wy binne gau thús “. Sûnder stjitten en stompen, oer de planken en troch hikken birikten wy de doar mei it hingelslot. Mem gau in swevelstok oanstrike, heit hwat yn ‘e kachel om peuterje as er noch gleonte yn wie, de klean gau út, folle praet hiene wy net. Tofolle te prakkesearjen oer dy fromme Wietske en yn ús tinzen hiene wy der alles foar oer om sa’n goed útein to krijen as Wietske.

Sa njonkelytsen, doe’t mem hwat bikommen wie fan ‘e kjeld, foel hja op ‘e stoel en boarstte hja út fan it laitsjen. “ En toen die Wietske, ha, ha, ha, en die Wietske woonde in een huisje dat noemden ze een theebus !!” Wy as bern seagen elkoar ris oan, en ús hiele goede fornimmen om ek sa froom te wurden as Wytske sakke by ús wei en mei in grutte sucht giene wy op bêd. Us hiele moaie wrâldsje foel yn. Hwant mem hie greate Freark kend fan jongs ôf oan en seach him mei oare eagen as in bern it sjocht.

Mrs. de Boer – de Jong (Evertje de Jong)
Racine Wis. USA

Korte genealogie:

Anne Ulbes de Jong berne 1855 De Gaastmar, ferstoarn 1942 De Gaastmar, skuonmakker yn De Gaastmar, trout 1884 Lolkje Kramer, berne 1862 Gau.

Bern:

- * 1885 Doedtje (De Gaastmar), trout 1912 Lolke Flameling
- * 1886 Johannes (De Gaastmar)
- * 1888 Geertje (De Gaastmar), trout 1910 Fokke de Vries
- * 1890 Anna (De Gaastmar), trout 1919 Jacob de Roo
- * 1892 Paulus (De Gaastmar)
- * 1895 Evertje (De Gaastmar), trout 1923 Epke de Boer, hy is in soan fan Jetze de Boer en Hotske Riegstra dy’t in sûtelskipke wennen yn De Gaastmar.